



IT IS LOK WAT JOUSTE!

(Liebensglück Durch Kleine Sünden)

Blijspul yn trije bedriuwen

troch

ANDREAS BAUMGARTNER

Oersetting yn it Frysk

Alle Geart Hof

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IT IS LOK WAT JOUSTE! – LIEBENSGLÜCK DURCH KLEINE SÜNDE**n gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ANDREAS BAUMGARTNER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2006 © by Andreas Baumgartner

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Jabik Knol - grienteboer

Elske - syn frou

Klaske - harren dochter

Foppe Jan - harren soan

Ina Ringersma - barfamke

Eabe Bloemsma - plysje

3 froulju en 3 mântlju.

TOANIEL:

In kreas yn rjochte wenkeamer op it plattelân yn Fryslân. Links en rjochts in doar. Mids it toaniel achter, in iepen trochgong mei sicht op de winkelrûmte. Finsters links-, rjochts- en achter.

EARSTE BEDRIUW

Klaske: (*sjongt, se is de tafel oan it ôfrêden*) Reade biten..., reade lipkes..., reade wyn..

Foppe Jan: (*op fan links, yroanysk*) Do silst net lang mear sjonge, fanke..!

Klaske: (*draait har om*) Hoesa?

Foppe Jan: (*laitsjend*) Do bist der no al mei opholden!

Klaske: (*stoersk*) Do begrypst der neat fan, hen! Reade biten steane symboal foar ús grientesaak..., reade lipkes foar myn jeuchlike fammebestean... en reade wyn is oeral goed foar!

Foppe Jan: Soesto net nei de merk ta hjoed? Ast dêr fan'e middei pas oankomst, kinst it wol ferjitte!

Klaske: (*dwars*) Ik bliuw hjoed thús..., nim do it mar oer!

Foppe Jan: (*laitsjend*) Moai, hear! Al moannen rinst tsjin my te tsjaffeljen...

Klaske: (*ûnderbrekt sjongendewei*) Reade biten..., reade lipkes..., reade wyn...

Foppe Jan: (*lûd*) Rinst tsjin my te tsjaffeljen, datst op'e merk stean wolst om ûnder de minsken te wêzen!

Klaske: (*ûnderbrekt*) Ja, harkris..., ik bedoel mear de minsken dêr't ik in fint foar mysels útsykje kin! Wa komst op de merk no ek noch tsjin...? Ja, húsmânlju op sokken, dy't troch harren froulju de merk op stjoerd binne om in boskje piterseelje te keapjen en alle frijfeinten dy't net witte hoe't se de dei om krije moatte!

Foppe Jan: Dat hie'k dy dalik ek wol sizze kind, mar do woest...

Klaske: (*ûnderbrekt*) Ik woe allinne mar kontrolearje watsto tsjin my sein hast..., mar op dit stuit tink ik der al oars oer... No sis ik wêrom soe'k it bûten de doar sykje, as ik it gelok yn'e hûs...

Foppe Jan: Gean wei! Ken ik dat nije feintsje?

Klaske: Fan in nij feintsje is noch gjin sprake..., ik bin allinne noch mar oan it ôftaasten.

Foppe Jan: (*nijsgjirrich*) En wa is de pechfûgel?

Klaske: Dat neame se no útkloarkjen! (wiuwt ôf) Sis, Foppe Jan..., wat bart der ast ho hâldst, wylst der in stopferbod jildt?

Foppe Jan: Mei in auto?

Klaske: (*yroanysk*) Nee te foet, is it no goed!

Foppe Jan: Dan krigest in bekeuring fansels!

Klaske: En ast by read de krúsing oer giest, wat krigest dan?

Foppe Jan: Dat is in ernstiger oertrêding... (*nijsgjirrich*) Sis, wolst myn teroretyske kennis teste as sokssawat?

Klaske: Ik bin mei myn ferkenning dwaande...! En wat soe ik dwaan moatte om oppakt te wurden?

Foppe Jan: Dronken achter it stjoer, soe dat net wat wêze?

Klaske: Bring se my dan nei it polysjeburo ta?

Foppe Jan: (*knikt*) dat sit der dik yn!

Klaske: Moai om it te witten.

Foppe Jan: (*twingerich*) Fertel no lang om let mar watst fan doel bist.

Klaske: (*fertroulik*) Dy wol ik it wol fertelle, mar do moatst swarre dat it ûnder ús bliuwt!

Foppe Jan: As it oars net is, dat swar ik... (*fingers omheech*)

Klaske: Bist dy nije plysjeman al tsjin kaam?

Foppe Jan: Do woest sizze Bloemsma? Fansels...,hy woe my op de bon slingerje doe't ik in ferkearsboerd om ried..., mar healwiis genôch, die er it boekje wer yn'e bûse doe't er de namme fan ús winkel op ús auto stean seach. Hy sei allinne mar, de oare kear better útsjen.

Klaske: (*bliid*) Hat er dat wier sein?

Foppe Jan: Fansels..., oars hie'k betelje moatten.!

Klaske: (*berêstend*) Ik leau dat de grutste ferkearsflater noch net genôch is om oppakt te wurden.

Foppe Jan: (*gnyskjend*) Do bist sljocht op him, hen?

Klaske: Hoesa op him..., hy op my!

Foppe Jan: Soa..?

Klaske: Oars hie er dy wier wol betelje litten.

Foppe Jan: (*ûnwiis*) Soe't al?

Klaske: (*oertsjûgjend*) Dat is wol dúdlik. Hy wol gjin spul mei syn skoanfamylje.

Foppe Jan: (*wiuwt ôf*) Kom no..., do koest wol net wiis wêze!

Klaske: Bin ik net wiis? Hy jout dy ommers gjin flap!

Foppe Jan: (*fertroulik*) Moai, dit bliuwt ûnder ús..., mar no noch wat..., ik ferwachtsje moarn ien op besite...

Klaske: Besite...? Foar dy...? Wa..?

Foppe Jan: Dyn takomstige skoansuster.!

Klaske: (*perpleks*) Myn takomstige... wat?

Foppe Jan: Skoansuster... Ina Ringersma, berop; bardame!

Klaske: (*ferbjustere*) Bar...??

Foppe Jan: (*knikt*) Dame..., jawis!

Klaske: (*ferbjustere*) En dy komt hjir samar hinne?

Foppe Jan: Wêrom net?

Klaske: En wat soene heit en mem dêr wol net fan sizze?

Foppe Jan: Dat is it probleem... Se hoege net dalik te witten wat Ina foar de kost docht.

Klaske: (*yroanysk*) Makkest harren wiis dat se by it leger des heils

wurket?

Foppe Jan: Dat net, mar by in bardame moat der ek brea op 'e planke komme, lykas by in betsjinster, as in grienteferkeapster.

Klaske: Dat seisto, mar lis dat marris út oan dy âldlju fan ús.., dy tinke dalik al dat sa'n bardame..

Foppe Jan: (*ûnderbrekt*)... mei elkenien op bêd strûpt! Ik sis altyd.., salang as sy achter de bar stiet, bliuwe dy keardels wol fan har ôf en nei har wurk is der allinne mar in bioskoopke mei in goed freon, dat witsto ek wol.!

Klaske: Ikke wol, mar heit en mem...

Foppe Jan: Dy komme der fansels wol achter dat ien dy't lekkere drankjes mikse kin ek fruchten gearstalle kin ta in moaie fruitkoer... (*sil ôfgean*) Sa en no ik stek ôf, oars kom ik op de merk oan as de oaren al ôfbrekke. (*draait him om*) Is ús heit al op'n paad?

Klaske: Hoe komst dêr by, dy is noch net iens fan't bêd..!

Foppe Jan: Syn auto stiet net yn de garaazje (*wylst er rjochts ôfgiet*) Ik sjoch dy aanst noch wol.. en.. eh..., mûltsje ticht hen?

Klaske: Altyd..! (*yn harsels*) Dan kin ik my no moai op myn plysjeman konsintrearje. (*sjongt*) Mar Klaske.., mar Klaske.., hoe moat it dan, ast allinne mar dreamst fan in polysjeman!

Jabik: (*op fan links. Oanbrând*) Wêrom stietst dêr as'n nuer ferske te sjongen? (*spotsk*) Klaske.., Klaske.., hoe moat it dan, ast allinne mar dreamst fan in polysje man? In plysje is allinne mar in needsaaklik kwea, dyst nachts better mar net tsjinkomme kinst!

Klaske: (*bliir*) Hoi, heit, min sin?

Jabik: (*rekke*) Ja, dat hast goed sjoen! Wêr is mem?

Klaske: Dy is fan'e moarn al iere betiid ôfset nei kafee De Roas ta

Jabik: (*lulk*) Watte..? Sit se moarns betiid ek al yn it kafee?

Klaske: (*wiuwt ôf*) Wolnee, de Roas hat nei har frege omdat er dagen al net hoecht!

Jabik: (*nayf*) Wat hoecht er net?

Klaske: (*ferlegen*) Hy hoecht net dat er allang dagen oanien dwaan moatten hie..

Jabik: Oh.., do bedoelst dat er net skite... eh..

Klaske: Fuoi heit! Jo moatte jo skamje!

Jabik: (*lulk*) Ikke?! De Roas moat himsels skamje!

Klaske: Dêr hoege jo je dochs net foar te skamjen?

Jabik: Dat sis ik ommers..., Do seist niiskrektsa dat ik my skamje moast!

Klaske: Ja, om jo taalgebrûk!

Jabik: Kinsto it dan better?

Klaske: (*ûngeduldich*) Stel jo net oan.., jo witte hiel sekuer wêr't ik it oer ha.

Jabik: O ja, wat hat mem dêr dan te sykjen as de Roas net hoecht?

Klaske: Jo witte ek wol, dat mem foar alle kwaaltsjes in drankje hat en dat hat se der hinne brocht.

Jabik: (*lilk*) Ja, ja, jim mem fynt krûdetee belangriker as ús winkel!

Klaske: Lit har dochts gewurde mei har hobby. Se hat al hiel wat minsken fan harren kwaaltsjes ôfholpen. Frou de Jager hie altyd lêste fan har knibbel...

Jabik: Mar no kriget se lêst fan har oare knibbel!

Klaske: Dat is net wier! Frou Dam hat noait wer lêst hân nei mem har krûdetee! Se kin sa in sâlte hjerring opite mei slachrjemme sûnder dat se lêst kriget!

Jabik: Wat in wipwap..., wa yt der no in hjerring mei slachrjemme!

Klaske: Dat wie mar by wize fan sprekken!

Jabik: Eefkes in oar foarbyld... Se hat my noch hyltyd net fan myn seare rêch ôfholpen!

Klaske: (*spotsk*) Salang jo har net gewurde litte mei ynwriuwen...

Jabik: Jim mem hat my genôch ûnder de noas wreaun, dêr hoecht in seare rêch net mear by.

Klaske: (*wol op in oar ûnderwerp oer*) Sis heit, wêrom stiet jo auto net yn de garaazje?

Jabik: Hoesa..., stiet er dan net bûtendoar?

Klaske: Oars soe'k it dochs net freegje?

Jabik: Sjoch Klaske, it sit nammentlik sa...

Klaske: (*fluch*) Stiet er faaks by de automonteur?

Jabik: Ik wit net as er al by de automonteur stiet..

Klaske: (*stoersk*) Fan jo wurd ik ek net folle wizer..

Jabik: Wizer hoechst der ek net fan te wurden..., mar.. (*hâldt him ynienen yn*)

Klaske: Mar wat..?

Jabik: Iepenstean.

Klaske: Wy binne de hiele dei iepen..

Jabik: Iepenstean foar itjinge ik dy sizze wol...

Klaske: Sizze wol?

Jabik: Eins is it mear opbychte..

Klaske: Dan soene jo eins nei't tsjerke moatte.

Jabik: Praat dochs gjin ûnsin... As ienichste heit mei ik dochs myn grutske dochter.., ik bedoel, as grutske heit mei ik dochs myn ienichste dochter dochs wol wat tabetrouwe dat ûnder ús bliuwe moat?

Klaske: Komt dat ek wer yn it boek?

Jabik: Yn hokfoar boek?

Klaske: Yn it tichte as slettene boek..! No, wat sit myn grutske en

ienichste heit no eins dwers?

Jabik: (*mismoedich*) Myn auto is fuort..

Klaske: (*ferbjustere*) Hoesa fuort?

Jabik: Fuot! Stellen!

Klaske: (*ferheard*) Jo auto??

Jabik: (*rekke*) Nee myn breatromke, no goed?

Klaske: Mar hoe kin dat no?

Jabik: Ik bin út de stêd wei nei hûs riden..

Klaske: Ja en?

Jabik: En doe't ik troch de stasjonstrjitte ried..

Klaske: Nei hûs ta, hoege jo net troch de stasjonstrjitte te riden.

Jabik: (*koppich*) Ik bin der al trochhinne riden.!

Klaske: Wêrom?

Jabik: (*ferlegen*) No ja, ik woe by it stasjon de nije tsjinstregeling besjen.

Klaske: De nije tsjinstregeling? Wêr foar?

Jabik: (*ferlegen*) No ja, ik woe gewoan eefkes sjen hoenear der in trein nei Amsterdam gie en hoe let.

Klaske: (*ferbjustere*) Hoe kamen jo dêr sa ynienen by?

Jabik: Do seist altyd, dat it wol aardich wêze soe, om ris in dei Amsterdam te dwaan.

Klaske: Soa.. en fierder?

Jabik: En doe seach ik midden yn de nacht.., it wie roettsjuster en it wie wiet waar...

Klaske: (*ûnderbrekt*) Heit..! Hâldt dochs op! It wie in moanneljochte nacht!

Jabik: Mooglik by jim, mar yn de stêd wie 't reinich waar.

Klaske: Wylst it roettsjuster wie?

Jabik: Dat sis ik... Op de stoepe seach ik in minslike persoan en dy wiuwde nei my!

Klaske: It is net wier!

Jabik: Jawis..! Se wiuwde en doe't ik werom wiuwde die it bliken dat it in jongfaam wie.

Klaske: Hoe is't mooglik!

Jabik: En ik koe sa'n jongfaam dochs net allinne yn dy fûle rein...

Klaske:.... wylst it roettsjuster wie...

Jabik: (*knikt iverich*)... net.. eh... stean litte, netwier?

Klaske: (*knikt*) Nee.., dêr kin ik ynkomme.

Jabik: Ik haw se ynstappe litten en ik seach dat se net allinne jeuchlik, mar ek bloed moai wie.

Klaske: Hoe koene jo dat no sjen.., it wie ommers roettsjuster!

Jabik: Do witst like goed as ik dat it ljocht op giet ast it portier iepen dochst... Se frege my oft ik har eefkes nei de Ohio-bar bringe woe.

Klaske: (*yroanysk*) Oh jee...!

Jabik: Nee, ik sei Ohio..!

Klaske: Dêrom sei ik ek, o jee...! Dy bar stiet hjir yn de omkriten bekend as...

Jabik: (*knikt*) Dêrom koe ik him ek sa goed fine..., dat reade ljocht, hen?

Klaske: (*sabeare ferbjustere*) It is net wier!

Jabik: En út tankberens hat dat fanke my in drankje oanbearn, no dat koe ik net wegerje, sis no sels..

Klaske: Fierder?

Jabik: Fierder is der net..., dat fanke gyng daliks al achter de bar stean, by de drankjes.

Klaske: Dus, se wurke dêr?

Jabik: Soest wol sizze.., nimmen sei er wat fan doe't se mei de flessen dwaande wie..

Klaske: Fierder?

Jabik: Fierder wie der net safolle te rêden. Ik siet op in barkruk, in glês yn'e hân en drinke op de sûnens fan dy jongfaam fansels! Ik seach op myn horloazje, waard kjel en sei dei tsjin it fanke en sy sei doeï tsjin my.. en doe op hûs ta..

Klaske: Is dat alles?

Jabik: (*mismoedich*) Wie't mar sa... Ik kaam bûten..., myn auto fuort! Nearne te finen.

Klaske: Stellen!

Jabik: Fansels.., ik hie him oan nimmen útliend.

Klaske: Dan moatte wy dalik de plysje belje..., plysje Bloemsma!

Jabik: Net nedich, dat haw ik al by it plysjeburo yn de stêd dien.

Klaske: (*fol fjoer*) Mar plysje Bloemsma ken ús auto en dêrom soe alles folle ienfâldiger wêze kinne.

Jabik: Earst moat bliken dwaan as er yndied ynkoarten fûn wurdt.

Klaske: (*nei de tillefoan*) Bloemsma fynt him wol... Ik sil him dalik belje.

Jabik: Ho,ho, myn auto is stellen, net dines.. Boppedat komt jim mem der dan achter.

Klaske: Wêrom mei se de dat net witte.., as jo auto stellen wurdt, kin se jo dat dochs net oanrekkenje..?

Jabik: Mem hoecht net te witten wêr't myn auto stellen is..., dan tink se dat ik mei hiel wat oars dwaande wie yn dy Ohio-bar as allinne mar wat drinke.

Klaske: Sit wol wat yn.

Jabik: Dêrom sizze wy dat er by it pompstasjon stellen is wylst ik...

Klaske:.. in. pakje kaugom oant keapjen wie...

Jabik: (*leit de finger op'e mûle*) Dit bliuwt ûnder ús, hear!

Klaske: Fansels, heit! (*wy hearre de doarskille fan de winkel, Klaske*)

hastich ôf) Der is ien yn de winkel..

Jabik: Wat in tastannen...! Wêrom moast no krekt foar dy ferrekte Ohio-bar myn auto stellen wurde?

Elske: (*rjochts op, rekke*) Jim sitte hjir mar en yn de winkel wachtsje minsken..!

Jabik: (*rekke*) Wêrom hast se sels net holpen?

Elske: Ik hie wichtiger saken... As ik net hastich in drankje klear meitsje foar de Roas, hat er in loebes fan in opstipaasje en dan knapt der ien en oar!

Jabik: Us húsdokter soe dy wolris oanjaan kinne by de polysje foar kwaksalverije!

Elske: Dy...? Witst wol wat er sein hat tsjin frou Dam? As myn genêskunde jo temin is, ferstean jo dan mar mei dat krûdewyfke... Jaha..., sa sjochst mar wer, hen?... Sis, no wat oars..., wêr is ús auto eins bleaun?

Jabik: Stellen!

Elske: Stellen?? Wat hâldt soks yn?

Jabik: Stellen betsjut stellen! No ja, de kabouterkes kinne him ek ferside brocht ha, fansels!

Elske: Wêrom is er stellen?

Jabik: Der is ien dy't him nedich hân hat!

Elske: Praat gjin ûnsin! Is er yn de stêd stellen?

Jabik: Klaske sei, by it pompstasjon!

Elske: Watte, hat Klaske ús auto brûkt?

Jabik: (*knikt*) Ja, se woe in pakje kaugom keapje.

Elske: (*oerallich*) Gjinn mins dy't my wat fertelt!

Jabik: (*yroanysk*) Do bist noait thús, do bist altyd ûnderweis mei dyn drankjes!

Elske: (*grutsk*) Dat is in seine foar it minsdom, ast dat mar witst!

Jabik: (*yroanysk*) En in goudmyntsje foar de deagraver!

Elske: (*rekke*) Hâldt do dyn praatsjes mar foar dy. (*op oare toan*) Mocht Brúnsmaske, sis dan mar dat dat smarselsje der oan komt en yn dy tee fan tsiiskrûd, dêr moat er yn baaie, net ferjitte...

Jabik: Hielendal??

Elske: (*rekke, lûd*) Nee! Allinne mar syn seare teannen slûget! Wat hawwe jim dien om de auto wêrom te krijen?

Jabik: Dat regelt Klaske. (*Klaske mids toaniel op*)

Elske: (*ferwitend*) Hoe koest dat no dwaan Klaske, dat mei ús auto? (*Jabik meneuvelt achter de rêch fan Elske mei Klaske*)

Klaske: (*begrypt de meneuvels net*) Dat moatte jo oan ús heit freegje.. (*Jabik makket wanhopige meneuvels, Klaske begrypt se no*) Tsja..., dat kin ik sa krekt net sizze.., ynienen wie er fuort!

Elske: Do hast fansels de kaaikes yn it kontakt sitte litten.! (*Jabik meneuvelt ja*)

Klaske: Eh... ja, mei sa'n kaaike yn it kontakt kinne se samar in auto stelle, dat is wier!

Elske: (*skelle*) Do bist potdoarje altyd sa gedachteleas, hen!

Klaske: (*mismoedich*) Koe ik der wat oan dwaan?

Jabik: Dat kin goed útkomme, Klaske koe der neat oan dwaan.

Elske: Ja, ja, jim hâlde elkoar altyd mar weroan de hân boppe de holle, ik bin net oars wend... (*tsjin Klaske*) As frou de Haan skillet omdat de pine net sakket, sis dan mar dat se har swiere liif omheech triuwe moat sa no en ta en tagelyk har hannen sprate moat. Net ferjitte! (*by it ôfgean*) As jim my nedich hawwe, ik bin by menhear Meijer! (*rjochts ôf*)

Jabik: (*sjocht har achternei*) Fuort is se wer! Ik sil mei hielendal allinne mei de klandyzje yn de winkel rêde moatte..

Klaske: Och heit..., gun har dy hobby no.!

Jabik: (*rekke*) By de grientesnijmasine leit in soad wurk te wachtsjen..., lit har dêr mar in hobby fan meitsje.!

Klaske: Sis heit, wêrom hawwe jo tsjin mem sein dat se my de auto ûntfytmanne ha?

Jabik: Dat wie ik hielendal net fan doel, mar doe't jim mem it net goed ûnder it begryp krije koe, haw ik der mar in draai oan jûn om fan in soad geseur ôf te wêzen.

Klaske: (*yroanysk*) Mar my mei mear gesanger opskipe!

Jabik: Och, do bist noch jong... Do kinst alles folle makliker úthâlde, mar ik... At se der achter komt wêr't ik fannacht west ha, brekt de hel los..!

Klaske: (*fol fjoer*) Dan mei ik oanjefte dwaan by de nije plysje Bloemsma..?

Jabik: Dat haw ik yn de stêd al dien.

Klaske: In dûbele oanjefte kin noait gjin kwea.

Jabik: (*ûnder it ôfgean*) Do dochst mar..., ik lit mei der net mei yn.

Klaske: (*rint op de tillefoan ta en draait in nûmer*) Mei it polysjeburo..? Is plysje Bloemsma der ek? Nee..? Wêr is er dan? Hat er bûtentsjinst? Witte jo ek wêr't er hinne is? (*bliid*) Op wei nei de grientewinkel Knol? (*Bloemsma kloppet op de doar rjochts. mar Klaske heart it net en praat gewoan troch*) Hat er ek sein foar wa't er komt..? (*Bloemsma kloppet wer en komt dan op en harket mei*) Sis..., mei'k jo persoanlik wat freegje? Ja..? It giet om jo kollega Bloemsma... Is er troud..? Nee..? Hat er in freondintsje, as mear as ien...? Nee? Dan is er hielendal frij fansels! Ja! Myn hertlike tank hear! (*leit de hoarn op'e heak en dûnset troch de keamer op in walske*) Bloemsma..., Bloemsma..., blomke foar my..., blomke foar my...!

(*sjocht dan Bloemsma, kjel*) Oeh..., jo hjir?? Bloemsma??

Bloemsma: Dat sjogge jo, yn heechst eigen persoan!

Klaske: Allang?

Bloemsma: It spyt my dat ik it sizze moat..., mar ik haw wat fan jim telefoangesprek opfongen.

Klaske: (*ferlegen, nijsgjirrich*) Wat haww jo allegear heard?

Bloemsma: Allinne mar myn hertlike tank.

Klaske: (*mei ferromming*) Dat is goed.. Ik hwa mei jo kollega skille en dy sei allinne mar dat jo ûnderweis wiene hjirhinne, fierder woe er neat fan my witte. (*glimket ferlegen*)

Bloemsma: Moai dat er jo sa goed ynformearre hat

Klaske: En hokker boadskip hat ús polysjeman?

Bloemsma: (*ûnwis*) It is altyd foar de oanbelangjende persoan fakentiden minder noflik sa'n boadskip.

Klaske: (*ûnwis*) Hawwe jo dan net sa'n noflikke meidieling foar ús?

Bloemsma: Eins mear foar jo mem..., is se oanwêzich?

Klaske: Mem? Nee, dy is op dit stuit... eh.... net... eh...

Bloemsma: Faaks jo heit?

Klaske: (*knikt*) Ja.., dy is yn de winkel..., moat ik him roppe?

Bloemsma: As dat koe.., graach!

Klaske: (*ropt troch midden*) Heit..., jo moatte komme!

Jabik: (*stoersk*) Ja, wat no wer?!

Klaske: (*ropt*) De polysje wol even mei jo prate..! (*tsjin Bloemsma*) Nim in stoel, Bloemsma!

Bloemsma: (*wiuwt ôf*) Tankje... As ik yn funksje bin moat ik stean..

Klaske: Binne jo slim yn funksje?

Bloemsma: Dat is mar krekt hoe en wat...

Jabik: (*midden op ûnwis*) Oh.., menhear de polysjeman...

Bloemsma: (*serieus*) Binne jo menhear Knol senior?

Jabik: Soe'k wol sizze, ja.. Troud en fan ûnbesprutsen hâlden en dragen., sa sit dat!

Bloemsma: It is wat in prekêre saak dy't wy oan it útplúzjen binne..

Jabik: (*fol fjoer*) Ja, dat is wier... en ik kin jo wol sizze plysje, dat it my ôfgryslík spyt dat soks samar barre koe.. As ik it sa goed witten hie.., dan hie'k noait net en yn gjin gefal...

Bloemsma: (*knikt*) It bart mar al te faak, dat mânlju net troch hawwe wat froulju allegear dogge.., boppedat stiet de skuld net hielendal fêst.

Jabik: It is net sadalik myn skuld, hear!

Bloemsma: Dêr is gjin sprake fan.!

Jabik: (*knikt wakker*) Dêr... en jo sizze it sels ek al.., is allinne de dief skuldich oan.

Bloemsma: Dief...? Hokker dief??

Jabik: Dy't myn auto stellen hat!

Bloemsma: (*ferbjustere*) Aha.., jo auto is stellen? It giet yn dit gefal om jo frou, hear!

Jabik: (*hastich*) Mar dan is der hielendal neat te rêden.!

Bloemsma: Dat moat noch bliken dwaan.!

Klaske: Heit.., ik leau dat Bloemsma hiel wat oars bedoelt.

Jabik: (*ferheard*) Wat oars..? Wat dan?


Bloemsma: De feriening fan dokters hat oanjefte dien... Jo frou soe op ûnrjochtmjittige wize natuer genêsmiddels ferkeapje en tatsjinje.

Jabik: (*rekke*) Dêr hast it gedonder al!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto